



DE TREFFER

JIERGONG 53-4 JULI 2023

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside
Treffer:
Henk Bootsma

Jiergong 53 nûmer 4

juny 2023



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Habtamu en Kees.

Ynternetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Helga Develing
Tryntsje Bouma
Henk Postma
Fakant

Heechhiem 1, 8734 GS Easterein
Gabbemastraat 21, 8701 EE Boalsert
Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels

tillefoan:

06-52628565
06-21467278
06-51679033

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Syb Overal
Catharina Postma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

Streek 30, 8734 GR Easterein
't Bosk 34, 8731 BM Wommels
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Carolinenburg 7, 8925 CA Ljouwert

06-33030042
06-19033966
06-29892380
06-10695193
06-10562399

Jongereinkommisje: funksje:

Fakant	Foarsitter
Anno Feenstra	Algemiens lid
Christien van der Valk	Algemiens lid
Dirk de Jong	Algemiens lid
Pieter Kamstra	Algemiens lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Catharina Postma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer

Johan Postma & Allert Turksma

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Wedstriidstipers SDS 1

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/4/2023) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 74,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 51,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 57,-	it healjier
Junioren O15:	€ 48,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 40,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 35,-	it healjier
Froulju 7x7	€ 27,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betref foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun. Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klubplêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Catharina Postma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

septimber 2023

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de Trefferredaksje

Hjir alwer de lêste Treffer fan it seizoen. Yn dizze Treffer de seizoensferslagen fan de JO19-1 en de JO17-1. Wy hienen der graach mear krigen.



Dochs al mei al in alderaardichste Treffer wêr 't de nije foarsitter har foarsteld, it ferslach fan de jiergearkomst stiet, de pechfûgels, de kampioenen, in ferslach fan it FIFA-toernoai en fansels de Look-a-likes, de âlde doaze, in kraamandsje, in fruitmandsje, nije stipers en it doelpuntenklassemint fan 2022-2023.

Ik stopje dan as foarsitter, mar de Treffer sil ik ek folgend seizoen wer opmeitsje. Graach mei help fan jim.

Mar in soad lêswille en in noflike simmer tawinske!

(WW)



De nije foarsitter	SDS JO19-1 kampioen!	Dirk-Yde topskoorder!
		
side 6	side 12	side 31

Ynhâld

<i>Fan it bestjoer.....</i>	5
<i>Ferslach SDS-ledengearkomst</i>	6
<i>Melle nei sc Cambuur en Mika nei sc Heerenveen.....</i>	7
<i>SDS JO19-1 2022/2023 Een duikvlucht... Omhoog!.....</i>	8
<i>SDS 5 kampioen!</i>	10
<i>FIFA-toernoai by SDS</i>	11
<i>Ofskie fan foarsitter Willem Wijnia</i>	12
<i>Ofskie fan 2 klupikoanen</i>	13
<i>Pechfûgels</i>	14
<i>Hite nûtsjes</i>	16
<i>Verslag ST SDS/Nijland JO17-1 Voorjaarscompetitie 2023.....</i>	18
<i>Een afwisselende voetbalzaterdag</i>	20
<i>In kraammandsje bringe by Appie Posthumus</i>	22
<i>Persoanlik: Tymen Stenekes.....</i>	23
<i>In fruitmandsje bringe by Jentsje Jorritsma.....</i>	25
<i>It ljocht op nije sponsers</i>	26
<i>SDS-Look-a-likes (37)</i>	27
<i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS!.....</i>	28
<i>Ut de âlde doaze</i>	29
<i>Doelpuntenmakers senioaren 2022-2023.....</i>	30
<i>Aginda</i>	32

Fan it bestjoer

Even voorstellen

“Je ging toch voor je rust naar Fryslân?” vraagt mijn zusje als ik vertel dat ik overweeg me kandidaat te stellen als voorzitter van SDS. Daar heeft ze gelijk in. Maar het bloed kruipt waar het niet gaan kan. In Leiden was ik een tijdje bestuurslid van FC Rijnland, een voetbalvereniging die is opgegaan in Sporting Leiden. Daarna was ik een aantal jaren voorzitter van de Leiden Road Runners Club, een vereniging voor wegatletiek. Beide vond ik heel leuk om te doen. Je bent met je sport bezig, met mensen en je moet netwerken. Alle drie dingen waar ik wel voor te porren ben.



Ik ben geen groot voetbalfanaat. Ik vond het leuk om zelf te doen, en een wedstrijd te kijken, maar alles volgen en daar eindeloos over bomen is niet aan mij besteed. Sporten wil ik het liefste gewoon zelf dóen. Dat gold voor voetballen, en toen dat na een aanrijding niet meer kon, gold dat voor hardlopen. Live sport kijken vind ik wel leuk, trouwens. En dat zal ik de komende jaren volop doen.

In de zomerstop gaat het stokje, of beter de voorzittershamer, dan echt over van Willem naar mij. De zomer ga ik gebruiken om me voor te bereiden op het seizoen. Ik wil graag iedereen die ook maar iets met de vereniging te maken heeft leren kennen. Ik moet mensen van andere verenigingen leren kennen. Van de gemeente. Netwerkuitdagingen genoeg.

Er liggen ook andere uitdagingen, waarvan het werven van nieuwe leden een belangrijke is. De sportwereld verandert, juist ook de amateursport. We moeten die veranderingen bijhouden en proberen daar op in te spelen. Tot op zekere hoogte natuurlijk, SDS moet wel SDS blijven.

Ik wens iedereen een mooie, relaxte, sportieve zomer. En zie jullie graag daarna terug.


Helga Develing

Ferslach SDS-ledengearkomst

Tongersdei 30 maart hienen wy de jierlijkse SDS-ledengearkomst. Hjir de nijsgjirrichste saken:

- Rogé Metselwerken en Bouwbedrijf P. de Vries wurde sjurtstiper fan SDS 1 seal en Okkema is sjurtstiper fan SDS seal 2.
- Boubedriuw Bootsma bliuwt ek de kommende 5 jier sjurtstiper fan SDS 2.
- SDS is tige tefreden mei 98 Freonen fan SDS en 57 reklamebuorden.
- De jeugdkommisje hat dit jier aardich útpakt mei in SDS-FIFA-toernoai en de sponserrin by sc Heerenveen.
- Hichtepunt wie dit jier foar de jeugd de wedstriid tusken SDS 1 en 75 jeugdspilers fan SDS tidens it 75-jierrich jubileum.
- Der wienen dit jier kampioenskippen foar de JO15-2, JO12-1 en de JO11-1. Yn desimber waard de JO11-1 kampioen.
- Folgend seizoen sille Johan Wittermans en syn assistint Richard de Greef by de JO19 foar de groep stean. De JO19 stiet no boppe-aon en der sit noch wol wat rek yn dizze groep.
- Melle Terpstra giet op it stuit nei de sc Cambuur-fuotbalskoalle en Mika de Jong is útnoege om by sc Heerenveen in oantal proeftrainingen te dwaan.
- It jubileumwykein hat ús ûngefear €8000,- koste.
- Der is jild reserfeard foar de pannakoai
- Der is jild reserveard foar de energykosten foar de SKS.
- Foar it earst yn jierren draait SDS yn de min troch mei nammen de hege energykosten.
- De kaskommisje (Jort Strikwerda en Tjerk van der Pol) joue oan dat sy gjin ûnregelmjitticheden sjoen hawwe yn de finansjele administraasje.
- Jappie Wijnia nimt plak yn de kaskommisje en nimt it stokje oer fan Jort Strikwerda
- In kontribúsjeferheging fan sa'n 4 as 5% wurdt oannaam. Dit sil sa'n €5 mear wêze as no.
- De ponghâlder soe graach de kontribúsje inne wolle yn septimber en febrewaris ynstee fan desimber en maaie om't by tiden leden al stope binne en dan noch betelje moatte.
- Habtamu de Hoop is benijd as der ek leden muoite hawwe om de kontribúsje betelje te kinnen. Dit hawwe wy as SDS net hielendal ynsichtelijk. Hjir binne noch gjin fragen of sa oer kommen. Mocht dit al sa wêze dan sille wy nei in passende oplossing sykje.
- Willem Wijnia stoppet nei 8 3/4 jier as foarsitter fan SDS.
- Helga Develing nimt nei it seizoen de foarsittershammer oer. Helga stelt har tiden de ledengearkomst noch efkes foar:
- Helga wennet no 3 jier yn Easterein, oan it Heechhiem 1, sy ferstiet hieltiid better Frysk, mar praat it (noch) net, sy is logopedist en wurket yn Noard-Hollân, sy hat bestjoerlijke erfaring by in fuotbalferiening en in atletiekferiening, sy sjocht dit as in kâns, mar ek in útdaging.

- Om de energykosten te drukken en te ferduorsamjen is de Skoalleseize drok dwaande mei sinnepanielen en yn gearwurking mei SDS mei LED-ljochten rûn it haadfjild.
- Tjerk van der Pol soe graach sjen dat de kantine en de bestjoerskeamers wat modernisearde wurde. De Skoalleseize sil hjir tegearre mei SDS en de KF mei dwaande en stiet al op de agenda.
- Lourens van der Pol soe graach wer taapbier yn de kantine sjen. De SKS jout oan dat dat lestich is sjoent de hegere kosten en legere opbringst en dat net al it kantinepersoneel makkelijk taapje kin.
- Stan Korbach soe graach sjen dat der faker muzyk yn de kantine is om sa de kantine-opbringsten omheech te krijen. SDS jout oan sawisa 4x per seizoen muzyk te regeljen en as it kin faker yn oerlis mei de Skoalleseize.
- Sneon 27 maaie slúte wy it seizoen feestelijk ôf. SDS 1 spilet dan syn lêste kompetysewedstriid thús tsjin Oudehaske 1. Hjrnei komt Sipke de Boer muzyk spyljen en is der in barbekjoe. Dizze is foar Freonen fan SDS, stipers fan SDS en frijwilligers fergees.



Melle nei sc Cambuur en Mika nei sc Heerenveen

Mika de Jong traint de kommende moannen ien kear yn de moanne by sc Heerenveen. Hjir traint hy mei 20 jonkjes ûnder de 8 jier. Der rinne sels jonkjes by dy 't hielendal út Almere komme. Yn de hjerstfakansje wurdt sjoen wa 't der noch in jier by sc Heerenveen traine meie. Foar de rest fuotballet Mika noch gewoan by SDS.



Melle Terpstra fan SDS JO11 hat wat proeftrainingen hân by sc Cambuur en dat hat fan beide kanten prima foldien. Dit betsjut dat Melle folgend seizoen oanslút by de JO12 fan sc Cambuur. Hy traint ynmiddels al wat mei en dat foldocht poerbêst. Melle jout oan dat hy it hielendal sitten sjocht en der in protte nocht yn hat.

Wy winskje beide in hiel soad súkses! Folgend seizoen sille wy beide jongens ris freegje foar de Treffer om te hearen hoe't it giet.



SDS JO19-2022/2023 Een duikvlucht.... Omhoog!

Ik zal heel kort wezen over de eerste seizoenshelft. Beschouw dit als een aanloop tot het succes. Net als Max Verstappen die gebruik maakt van de DRS. Op het juiste moment toeslaan en dan succes! Dat je dan achterin het spelersveld start, is voor JO19-1 geen probleem, immers dat was de positie na de trainingsronde, de 1^e seizoenshelft. Nee JO19-1 startte begin dit voorjaar volledig in shape! Ons team werd gekenmerkt door sfeer, passie, humor, sommigen met angst om teveel te trainen (arme Floris wilde jullie opzadelen met nog meer voetbaltalent). Iedereen in dit team verdient het om geroemd te worden. Laat ik beginnen met Jelte, "De Spoel", onze rots in de branding, die ondanks dat hij totaal afgepeigerd van zijn militaire trainingen ten tonele verscheen, wist onze goal verrassend schoon te houden. Slechts 11 keer werd hij gepasseerd. Zijn collega bij Workum kan beter een hengel kopen, die moest 54 keer vissen! Achterin opereerde Jochum als een tank van Westerse makelij, onze rechtsback hield de deur goed dicht. Sjirk, onze laatste man, had momenten dat hij zichzelf opnieuw moest voorstellen aan de trainer, vermoedelijk omdat zijn spelstijl veel verrassende elementen bevat. ik noem zijn snelheid en telescopische benen waarmee hij menig tegenstander verraste. Als je elke keer op training komt is dat geen verrassing meer, hiermee is ook dat verklaard. Pieter Wijnia deed het uitstekend op de rechtsback. Ook als hij staat te vlaggen is hij cruciaal voor ons team (Vraag Heerenveense Boys maar 😊). Dan nu aandacht voor onze aanvoerder / voorstopper, Niels Janssen. Als er iemand onverschrokken een tegenstander benadert, dan is hij het wel. Ik denk dat Hansaplast pleisters voor hem zijn uitgevonden. Geen



wedstrijd zonder bloed, bepaald niet kleinzerig. Sije was veel te vinden links op het middenveld. Hij zag elke wedstrijd als "klus". Ik heb me laten vertellen dat hij gescout is door iemand van Karwei. Gelukkig kon hij werk en hobby combineren. Jelmer Brouwer is onze technisch vaardige mid-mid speler. Schitterende goals, spelverdelen, stabiele factor. Rechtshalf, Jildert. Harde werker. Naadloos van vakkenvullen bij de Jumbo naar vullen van dat grote vak met daarvoor een keeper. Fanatiek, niets moet hem tegenhouden. Nog fanatieker als de fans langs de zijlijn staan. We blijven aan de rechterkant, Niels Hiemstra. Voetbal zit hem in het bloed. FANATIEK met hoofdletters. Sport is emotie. Traditioneel. Wat nou e-mails, appjes, f***-it, I want a card 😊. Gelukkig viel dat mee en waren het vooral de goals die overheersten! Gaan we naar de spits, Jelmer Dijkstra. Nog zo'n tank. Werklust, kracht, doorzettingsvermogen en indien in vorm: veel goals. Linksbuiten: Redmer Wiersma. Je zag hem elke wedstrijd groeien. Een tactische wissel, vrije trap van rechts. Wiersma er in.... Goal! Dan de spelers met multi-talent: Gjelt. Zowel linkback als linkshalf of waar dan ook. Gjelt er in en het loopt. Ik droom

nog steeds van die ene goal, weliswaar in de 1^e

competitiehelft, maar hij staat nog steeds op mijn netvlies. Thijs speelde veel op de rechts of linksbuiten. Een speler in



de groei. Respect hoe jij je handhaafde. Snelheid, doorzettingsvermogen. Je tegenstander had geen makkie! Zelfs een goal dit seizoen! Abdul, door werk niet heel veel wedstrijden, ook niet veel trainingen. Toch een paar keer meegespeeld, ook tijdens de kampioenswedstrijd. Bijna een goal, ik gun je meer, maar je zal moeten trainen! Dan Tjerk. Onze man van de piste. Top dat je de laatste wedstrijden er bij kon zijn, op je ouwe plekkie, links half. In het begin nog wat gebrek aan conditie, ging al snel beter. Een technisch voetballer met inzicht. Wout Kamstra, gestart met trainen, en tot slot nog even meespelen. Je was het nog niet verleerd! Je kan het niveau prima aan. Tot slot nog onze geblesseerden. Jens Hiemstra en Steijn Groothof. Jens was by far de beste vlagger van ons team. De rest van de bank vond je een uitkomst 😊! Tijdens de kampioenswedstrijd gunden je maten je even 5 minuten binnen de

lijnen, het viel echter niet mee om een vlagger te vinden... Volgend seizoen mag je weer. De schouder is geopereerd en na de zomerstop voldoende hersteld. Kan ook eens een ander vlaggen! Steijn was de grootste pechvogel dit jaar. Naar nu blijkt, zowel de meniscus en de kruisbanden kapot. Dan toch nog even een helft keepen tijdens de kampioenswedstrijd omdat Jelte gesneuveld was. Ik weet niet of je dit met de huidige wetenschap nog een keer zou doen.... Toch ook jij je steentje bijgedragen aan het kampioenschap. Rest mij nog een bedankje aan trainer – en als het ff kon – medecoach Floris. Bedankt voor de koffie en je inbreng tijdens de wedstrijden. Werd gewaardeerd, door mij en alle spelers. Robbin, Samir en Willem, ook jullie bedankt voor jullie trainingsinspanningen voor het team! Het was een geweldig seizoen. Ik wens iedereen heel veel succes in het vervolg van jullie carrière bij SDS, een andere club of elders. Hopelijk tot ziens,

Groet, Johan Hiemsta, jullie coach.

SDS 5 kampioen

Neist de JO19-1 waard ek SDS 5 dit seizoen kampioen:



Stand: Frank Rijpma, Henk Postma, Dennis Dijkstra, Jentsje Jorritsma, Harm Stremmer, Stefan van Krimpen, Syb Overall, Mark Postma, Dirk-Yde Sjaarda, Peter Sijbesma, Doede-Douwe Koopmans, Tsjipke Okkema, Sjoer de Boer, Feite de Haan en Auke Hiemstra.

Op hurken: Ronny Wagenaar, Gert-Jan Hiemstra, Floris Hiemstra, Tjeerd Dijkstra, Harm Dijkstra, Daan Boersma, Robert Sijbesma en Klaas van der Weg. Op de foto misse Anco Elgersma en Willem Wijnia.

FIFA-toernoai by SDS

Op 31 maart hawwe we yn de kantine wer in machtich moai FIFA toernooi hân. Mei 30 oanmeldings fan jongens fan 5 oant 13 jier wie de dielnimmerslist snelt fult en koene we om 17.00 oere los op de troch Wichard beskikber stelde tillefysjes en op de playstations fan Lennert, Jens, Renko en de gebroeders Rijkema.



Yn 5 poules fan 6 spilers waard der op it skerpst fan é snede spile en levere dit de nodige felle en spannende potsjes op. Nei goed 3 oere foarrondes en patat en limonade giene Tymen B, Julian, Ben, Jens, Ids van Wijngaarden, Zenn, Danian en Jelke nei de kwartfinales. Wer yn e poule nog wol ris op in gelyspultsje spyle wurde koe, moest no alles út de kast helle wurde. Danian, Julian, Zenn en Tymen slagge it om bij de leatste 4 te kommen.

Yn de heale finale naam Danian it op tsjin Julian, Julian wie krekt in maat te grut en gie dus troch nei de finale. Tymen mocht besykje om Zenn út de finale te hâlden, mar slagge hjir krekt net yn.

De finale gie dus tusken Zenn en Julian. Topfavoriet Zenn liet him net gek meitsje en gie der uteinlijk mei de 1e priis fan troch.

Tymen fersloeg Danian om it 3e plak en hat SDS in wike letter ferstjintwurdigge op it FIFA toernooi (tm JO11) op de sponsorloop bij SC Heerenveen.

1e plak:	Zenn Hoitinga
2e plak:	Julian Jellema
3e plak:	Tymen Bults
Oanmoedigingspriis:	Danian Rijkema

We wolle Wichard fan WD-SAT tige tank sizze foar it brûken fan de tillefysjes, de alders foar it útlynen fan de playstations, Tineke foar de catering, alle heiten/ memmen/ pakes/ beppes foar de support en foaral alle spilers foar it meidwaan!! Wat ús betreft kin it wol wer!!

groetnis,

de Jeugdkommisje



Ofskie fan foarsitter Willem Wijnia

Op tongersdei 30 maart wie it alwer myn 8^e ledengearkomst as foarsitter. Nei it ein fan it seizoen bin ik al mei al hast 9 jier foarsitter west. Foar ik foarsitter waard die ik al fan alles efter de skermen by SDS en dat sil ik ek dwaan bliuwe. Ik gean net fuort by SDS, mar stopje as foarsitter. As ik der op werom sjoch binne dy 9 jier omflein en kin my eins allinnich mar moaie dingen heuge. Sa wie der de iepening fan it keunstgersfjild, it 75-jierrich SDS-jubileum mei it jubileumplaatsjesboek en de wedstriid tusken SDS 1 en de jeugd, de nijjerssitten, de ôfskiedswedstriden fan Anne Brouwer en Jacob-Klaas Haitsma, it presteren fan SDS 1 nei in flinke ferjonging, it oplibjen fan SDS 4, de wille by de jeugd om te baljen, de SDS-FIFA-toernoaien en ik wurd altiten bliid as ik de frijwilligers hjir deis omsjouwen sjoch.

Ik mis it eins no al, mar bin bliid dat ik net ôfskie nim fan SDS, mar fan myn taken as foarsitter. It is tiid foar in oar om it foartou te nimmen. Helga Develing hat bestjoerserfaring en sil SDS oars liede dan ik dat dien haw. Ik haw der alle fertrouwen yn dat sy mei help fan de rest fan it bestjoer SDS op in goeie manier liede sil. De kommende jierren sille neist it fuotbal ek saken as de kosten foar de energy, in nije keunstgersmatte of miskien wol werom nei gêrs oan de oarder wêze en hooplik wer frouljusfuotbal by SDS. Wêr ik helpe kin sil ik dat seker dwaan.

Myn échte ôfskie as foarsitter wie nei de ôfsluting fan it seizoen nei SDS 1 – Oudehaske 1 mei muzyk fan Sipke de Boer en de barbekjoe. Doe hat it SDS-bestjoer my noch efkes yn it sintje sette. Dêr wist ik neat fan. Us skriuwster Tryntsje Bouma die noch in praatsje en ik krige in prachtige tekening makke troch Paul Smit. Spesjaal foar my en oer my. En doe't alle SDS'ers foar my begienen te sjongen krige ik dochs wol in brok yn de kiel.

Ik wol jim hjirby allegear nochris tige tank sizze foar alles. Ik haw fan jim genoaten!

Willem Wijnia



Ofskie fan 2 klupikoanen



Jaap kaam yn 2006 by SDS keepen en is nea wer út de goal wei west. Mar leafst 17 seizoenen hat hy keeper fan SDS 1 west.



Hendrik de Jong spilet al sûnt de foarige ieuw by SDS 1. Yn 1999 makke hy syn earste goal al by SDS 1. Ynmiddels binne wy 116 doelpunten fierder en in fersliten knibbel.

Pechfûgels

Elk seizoen binne der fuotballers dy 't net fuotbalje kinne troch in blessure. Dit seizoen liken it der wol in hiele bult. Wy hawwe guon pechfûgels foar jim op in rygje setten.

Wiebe Heeres

Hy begie it seizoen mei in knibbelblessure, waard opereard en soe hooplik dit seizoen noch wat minuten meitsje. It waarden der spitich genôch hielendal net ien. Mei de Wommelser Feesten koe hy wer wat meidwaan mei de spultsjes. Dit jout hoop.

Ewout de Boer

Hy begie it seizoen mei in hernia, mar dat soe net al te lang duorje. Hy moast ommers ek oan it wurk. Dat wurkjen gie lokkich genôch troch, mar yn it fjild hawwe wy Ewout net in minút sjoen. Hooplik folgend seizoen wer by de 7x7 en miskien wol mear

Mark Klijsma

De 1^e keeper fan SDS 1, Jaap Toering, rekke blesseard, dus de kans foar Mark om him sjen te litten. Spitich genôch smiet in barst yn de knibbelskiif roet yn it iten. No mar gau fit wurde foar folgend seizoen.

Hylke Flapper

10 minuten spile hie foar SDS 2 seal. Nei in eigen goal en in barst yn de hamstring wie syn seizoen dien....

Pieter Sijtsma

Mei SDS 1 thús tsjin Nijland 1 skeat syn kibbelskiif út de kom en dit joech úteinik safolle skea dat hy opereard wurde moat.

Jaap Toering

Hy soe syn keeperskarrië ûnder de latte ôfslúte, mar moast de lêste wedstriden fan it seizoen fanôf de kant sjen y.f.m. in ûnwillige knibbel. Uteinlik koe hy noch krekt de lêste minuten keepe yn de útswaaiwedstriid tsjin Oudehaske.

Hendrik de Jong

Hendrik wie noch lang net fan doel om te stopjen by SDS 1, mar syn knibbel stie sa fier út it lead dat fuotbaljen foar him der de kommende tiid sawisa noch net yn sit. Al witte je it mei Hendrik nea fansels.

Jentsje Jorritsma

Alderaardichst seizoen hân mei in kampioenskip mei SDS 5, mar al nuver

ôfslúten mei in brutsen pols yn de alderlêste minuten fan it seizoen út by Workum.

Frank Rypma

Wat hie hy der nocht yn om dit seizoen mei SDS 5 te baljen. Syn hamstring tocht dêr allinnich wat oars oer. Hy kaam net fierder as 2x in heal oere dit seizoen en in knappe wedstriid flagge út tsjin Makkum. De hamstring ried him no folledich ta op it folgend seizoen.

Dennis Dijkstra

Dennis luts dit seizoen de stoute fuotbalskuon wer oan. Dit gie net sa gek, mar nei in pear wedstriden stie syn kûtbonke net mear rjocht ûnder de knibbel. Uteinlik hat hy noch wat wedstriden flagge by SDS 5 en it fizier setten op it nije seizoen.

Jens Hiemstra

Op 'e nij flein syn skouder út de kom en koe hy mar in pear wedstriden fuotbalje dit seizoen by de JO19-1. It kampioenskip makke in soad goed en yn de lêste wedstriid mocht hy sels noch efkes meidwaan. Hooplik is de operaasje oan it skouder no sa goed slagge dat Jens yn de senioaren wat faker balje mei.

Steijn Groothof

Steijn rekke al gau yn it seizoen blesseard oan de knibbel en like de rest fan it seizoen oan de kant sitte te moatten. Doch wie hy de lêste wedstriid der noch efkes by en dat wie mar goed ek, want doe keeper Jelte Spoelstra út foel moast hy dochs noch efkes oan de bak. Steijn moat no heechstwierskynlik opereard wurde. Wy hoopje dat hy wer gau keepe kin.

Wy winskje alle pechfûgels in hiel soad betterskip ta en hooplik in better seizoen 2023-2024!



Presteert de accu van je E-bike niet meer voldoende?

Na een revisie bij DeGroeneAccu werkt hij weer als nieuw! (en in veel gevallen zelfs beter)



**Loek Bergmans Tel 0620457490
DeGroeneAccu.nl
service@degroeneaccu.nl**

Hite nûtsjes

Wiesto ek sa ta oan de simmerstop?

Ja oeh sa. Even tiid foar oare saken sa as it keatsen, hurdfytsen, atletiek, festivals, jjerdeis, brulloften en gean sa mar fierder. Om my hoecht dy fuotbalkalinder echt net noch foller. De simmerstop is ek by utstek in tiid wêr yn't je as supporter wer nije hoop op dogge



Wat fynsto der fan dat Heerenveense Boys de penaltys tsjin Hardegarij oernimme wol om 't de skieds in lyts foutsje makke hie wat eins gjin ynfloed op it resultaat fan de penaltyserie hie?

Dêr fyn ik net safolle fan. Wit der eins te min fan om der wat oer te sizzen. Rigels binne fansels al rigels en dy binne der net foar neat....

Wat do?

Rigels binne rigels fansels, mar ik bin benijd nei de útfiering. De helte is fêst al mei fakansje, dus wa sil dy penaltys nimme?

Silsto Jaap Toering ek sa misse yn de goal fan SDS 1?

Ja. Jaap is altyd in tige betroubere goalie west. En in moaie jonge en in moaie keeper. Hy koe tige grasjeus nei de hoeke ta en wie net fan it benauwde. Ik jou it syn opfolcher te dwaan, mar winskje him foaral in bulte wille ta. En Jaap ek fansels no't dy in bulte tiid oer ha sil foar oare saken sa as; mei de frou nei de stêd, de tun ûnderhâlde, wurkje, mei de bern nei swimles, op it gemak nei de supermerke, borrelje op freedts, nei de kapper op sneons en gean sa mar troch.

Soe Hendrik de Jong ea nochris syn rentree meitsje by SDS 1? Hy hat fansels earder alris in bytsje ôfskie naam fan SDS 1 nei in blessure.

Dat liket my sterk. Hindrik is ûndernimmer wurden haw ik heard. Yn in hoeke wêryn't der op sneons ek noch wolris in putsje te dwaan is. Dêrneist hat hy him al lang en breed in plak yn de rike histoarje fan SDS 1 sjitten, dus dêr hoecht er it ek net mear om te dwaan. Wa wit slut er nochris oan by ien fan de oare senioareteams.

Melle Terpstra nei sc Cambuur, Mika de Jong nei sc Heerenveen, Sjirk Vellinga nei sc Bolsward, Yke Gaastra nei ONS. Der giet noch wolris in jeugdspilers fuort by SDS. Fynsto dit in goeie ûntwikkeling?

Sa lang as de begelieding goed is en de jonges it nei harren sin ha sjoch ik wat dat oangiet gjin problemen.

Wêr hasto dit seizoen it meast fan genoaten? Wat wie dyn hichtepunt?

De WK finale. Argentinië – Frankryk. Wat in wedstriid, wat in spanning en wat

in utslach (3 – 3, ARG wint nei strafskoppen mei 4-2). Geweldige reklame foar it fuotbal!

En djiptepunt?

It primitive gedrach fan in lytse groep minsken op en om de tribunes yn it betelle fuotbal yn Nederlân.

Bisto ek sa bliid foar Johnny Janssen?

Ja. Al hat er nei eigen sizzen ek wat pine om't er yn Libanon mei sokke geweldige minsken wurkje mocht. It wie foar him grif net makkelek om nei 2 wiken alwer nei hus te moatten om te tekenjen by in klup sa as PEC Swolle. Ik gun him it beste en hoopje dat er in moai seizoen hat.

Wêr soe Andries Noppert hinne gean tinkst?

De saneamde keepers-karousel is noch net echt op gong kaam. Mar sûnt Henk Timmer syn nije saakwaarnimmer is, is de kâns al lytser wurden dat er by it Hearrenfean bliuwt.

Hy hat by it Hearrenfean en op it WK sjen litten in heech nivo oan te kinnen.

“Sy sitte sawisa yn de ferkearde trein...”

Helje Ronald Koeman en Sjors Ultee de kryst?

Lit ik it sa sizze. Ik hoopje foar beide dat de goeie trein gau del komt, want sy sitte no dúdlik yn de ferkearde.....

Wat fynstoe fan it feit dat der in hiel soad (jonge) fuotballers nei de woestijn gean?

Simmers op it strân fuotbalje is fansels alderaadichst, mar ik haw net it idee dat dizze gasten witte dat dat wat oars is as yn de woestyn balje. Ik soe de spilersfroulju ek wolris heare wolle dy 't no net mear samar efkes hurd nei de winkel kinne om hite nûtsjes te heljen. Of dienen sy dat sels sawisa al net? Hoe dan ek.....

SDS-paraplu


Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbal fjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl.

Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



Verslag ST SDS/Nijland JO17-1 Voorjaarscompetitie 2023

Nadat we de als 6^e waren ge-eindigd (van de 8) in de 1^e klasse in het najaar. Mochten we het in het voorjaar opnieuw in de 1^e klasse proberen. Aangezien de JO17-2 werd opgeheven kregen we versterking van Jochem, Mohammed en Jelmer Abels en ook Daniel van de JO15 werd toegevoegd aan de selectie. Hierdoor konden we over een brede selectie beschikken (17 man, omdat Sander stopte) wat geen overbodige luxe was aangezien we in november/december meerdere keren werden afgelast omdat we lang geen elftal op de been konden krijgen (selectie van 14 man), met name door blessures en ziekte. Er was bij de andere leider enige twijfel of we wel weer 1^e klasse moesten gaan voetballen, wellicht zouden we beter in de 2^e passen... Gelukkig hebben we daar niet voor gekozen.

Op 11 februari mochten we aftrappen in en tegen Kollum, we begonnen niet al te best tegen een niet heel goede ploeg, kwamen 2-0 achter en Sven redde de eer in de laatste minuut, maar te laat om het nog spannend te maken. 18 februari thuis tegen Sneek WitZwart 17-1 waar we in het najaar heel best tegen speelden maar uiteindelijk kansloos 4-1 verloren, was het tegen een goede tegenstander de hele wedstrijd spannend en konden we net geen resultaat overhouden, 0-2 achter en 2x Yke die ons op gelijke hoogte bracht, maar 5 minuten voor tijd toch de 2-3 om de oren. De brede selectie bracht meer power en we zaten een stuk dichterbij de tegenstander dan in december. 18 maart mochten we wederom thuis, deze keer tegen Blauw wit JO17-2 die nog geen punten hadden laten liggen. 0-0 bij rust was prima tegen deze technisch vaardige ploeg, het werd echter nog mooier toen Yke ons in de 63^e minuut op 1-0 bracht, maar binnen paar tellen helaas ook de tegengoal. Jochem had wat moois in gedachten een rush langs de rechterflank en vanaf een meter of 25 snoeihard uithalen liet de keeper kansloos, een absolute beauty! Wonder boven wonder door geconcentreerd verdedigen en een hoop energie in de wedstrijd stoppen hielden we de 3 punten in Easterein. Een fantastisch resultaat aangezien Blauw Wit uiteindelijk 2^e zou eindigen in deze competitie. Een week later mochten we naar Noordbergum tegen VVT/Noordbergum. Zij eindigden als 2^e voor de winterstop maar hadden veel blesures waardoor ze nog geen punten hadden. Die kregen ze ook toen niet, alhoewel we slap begonnen en binnen 10 minuten 2-0 achter stonden, wisten we door hard werken en goals van Sven voor rust, 2x Yke na rust en Sikke (2 doelpunten in de laatste 5 minuten) gelukkig 3 punten over te houden aan dit duel.

1 april mochten we thuis tegen Hardegarijp JO17-1 ook een hoogegeplaatst team. Yke had het echter behoorlijk op de heupen op het kunstgras in Easterein in wist maar liefst 4x het net te vinden, waar we gedegen verdedigden en slechts 1 doelpunt om de oren kregen. 4-1 en de derde overwinning op rij was een feit. Assist/pasje met buitenkantje rechts van Daniel

moet hierbij wel even worden genoemd als assist van het jaar. Dit team had wellicht de beste sterke en technisch hoogstaande individuele spelers lopen, waar geen rendement uit kwam. Een week later weer thuis, dit keer tegen Stiens JO17-1 hier hadden we in december ook nog thuis tegen gespeeld en kansloos 0-3 verloren (zelfs met wat hulp van JO19 spelers). Ook Stiens moest wijken voor de tomeloze inzet en energie die we in de wedstrijd staken, wellicht het nodige fortuin maar aan het eind 2-1 op het bord. De week erna naar Zeerobben, wedstrijd om snel te vergeten, scheidsrechter deed er alles aan om de thuisploeg aan punten te helpen, penalty, inworpen, 3 gele kaarten vanwege praten en we lieten ons gek maken, waardoor uiteindelijk de voorsprong werd weggegeven; 3-2 verlies. De volgende pot thuis tegen laagvlieger Leovardia, hier werd geen spaan van heel gelaten 6-0 (3x Sven, 2x Yke, Luuk). Daarna de wedstrijd uit bij Ouwe Syl, hier hadden we in de eerdere competitie nog 2-0 verloren en ook hier toonden we de groei door deze keer met 2-3 er met de punten vandoor te gaan. Inmiddels door al die 3-punters in de sub-top van de competitie waar we hoopten bij de onderste plekken vandaan te kunnen blijven... De laatste 2 wedstrijden tegen lager geplaatste ploegen ging het echter niet soepel. In Nijland redden we het niet tegen Oudehaske, waar we verdedigend kwetsbaar waren en met 4-6 verloren. De allerlaatste competitiewedstrijd naar Geel Wit op Ameland, waar we in oktober ook al speelden en toen een 1-0 voorsprong in de dving seconds uit handen gaven. History repeating, binnen 10 minuten stonden we 2-0 voor en hadden we voor rust de zaak moeten beslissen. De 2^e helft komt de tegenstander meer aan voetballen toe 2-1 en ook de 2-2 valt weer net voor tijd. Weer een lichte kater, al was alles erom heen erg gezellig, spelers naar het strand en hadden we verder een topdag op het eiland. Als afsluiter hebben we nog meegedaan aan de Nannewiid Cup in Oudehaske. We begonnen met een 1-0 overwinning op Heerenveense Boys, echter verloren nipt van Kollum en Akkrum, waardoor we om de 5^e plek mochten strijden. Dit was weinig serieus maar wonnen wel met 4-0 van de Blesse. Uitstekende organisatie, leuk toernooi, mooie afsluiter. Heb met veel plezier de afgelopen ruim 8 jaar van F3 tot JO17 op zaterdag vele wedstrijden gecoached en getraind, maar nu is het tijd voor andere trainers/coaches waarvan ik hoop dat die deze leuke groep nog verder brengen. Ik ben in ieder geval reuze content met de groei die ze dit jaar hebben doorgemaakt, met als gevolg een keurige 6^e plek, met winstpartijen tegen de nummers 2,3,4 en 5, 11,12 en vreemdgenoeg puntverlies tegen nummers 7,8,9 en 10. Aangezien het team zo goed als compleet nog een jaar in de JO17 blijft, biedt dit m.i. zeker mogelijkheden om nog hoger te eindigen in de 1^e klas... Rest mij de spelers, Jappie de Boer (mede-coach en trainer) en Pieter Sijtsma (trainer), ridders en vlaggers, te bedanken voor dit mooie seizoen.

Minne Bouma

Een afwisselende voetbalzaterdag

De ús wolkbekende Tjerk van der Pol gie lêsten as gastlieder mei by sc Bolsward G1. By dit team fuotbalje û.o. de âld-SDS'ers Marten van der Weide en Jeen Houtsma. It waard in alderaardichste moarn:

Afgelopen zaterdagochtend was ik gastleider bij sc Bolsward G1. 's Middags stond ik langs de lijn bij Deinum 1-SDS 1. Een groter contrast is bijna ondenkbaar. Ik was nog nooit eerder bij een wedstrijd van een G-team geweest en merkte dat ik met veel aannames worstelde.

Dat begon al met de naam: G. Ik dacht dat het voor gehandicapt stond. In de auto onderweg naar Meppel, vroeg ik de spelers wat ze daar zelf eigenlijk van vonden. Vol vuur betoogden ze dat G helemaal niet staat voor gehandicapt, maar dat dit gewoon vroeger ingesteld is. De letters A tot en met F bij de jeugdcategory waren vergeven, dus werd de G gekozen. Ik vond het nu al de G van Geniaal!

Op mijn vervolgvraag, waarom ze in dit team speelden, kwam het volgende antwoord: 'Tjerk, je moet het zo zien' zei Michel, aanvoerder: 'Veel senioren komen niet in het eerste. Ze missen technische kwaliteiten, of snelheid. Die spelen in het tweede of derde. Bij ons is dat net zo, wij spelen prima in dit team, maar door een reden lukt het wat minder goed in de senioren of jeugdteams.'

Mijn verwondering steeg met de minuut. Dit zette zich door bij aankomst in Meppel bij vierde divisionist Alcides. Iedereen had zijn voetbaltas mee en de ballen en bidons kwamen keurig schoon uit de auto's. Marten, oud-SDS'er, en vandaag keeper, vertelde dat hij normaal gesproken de spelersbus bestuurt en de leider en de rest van het team meeneemt. Vandaag pasten we in twee auto's.

Klaas, type hardwerkende, hangende middenvelder, heeft toevallig dezelfde auto als Marten in dezelfde kleur, dus het zag er professioneel uit. Dat gold ook voor de koptelefoons, die men bijna allemaal losjes om de nek had hangen. In de box bleek opnieuw dat niemand iets vergeten was. Geen sok, scheenbeschermer, tape, niets. Dat heb ik in mijn toch lange leider-carrière, maar weinig meegemaakt.

Bij het in-trainen en trappen, werd ik weer geconfronteerd met een valse aanname. Warmlopen, pass-trap, inschieten: Ik heb het zelden zo gedisciplineerd gezien. Bij het inschieten leek het mij verstandig om achter de goal te gaan staan om de ballen snel terug te kunnen geven, maar er ging bijna niet één over of naast het doel.

De wedstrijd, 8 tegen 8, zonder veel regels die het tempo alleen maar uit de wedstrijd halen, ging op en neer. Alcides liet al snel zien dat ze niet voor niets ongeslagen waren. Twee aalvlugge spitsen sneden als een mes in de boter door onze verdediging, wat na een paar hele beste verdedigende acties toch leidde tot de 2-0.

Na twee wissels, ging de strijd weer gelijk op en scoorde Arne, na een sublieme aanval over vele schijven een fantastisch doelpunt. De sympathieke scheidsrechter vloot bij 5-1 onder een stralende zon, voor het einde van de wedstrijd. Ik moest nadenken wat er zo anders was dan bij andere wedstrijden.

's Middags viel het kwartje, als supporter langs de lijn bij mijn zoon tijdens de wedstrijd Deinum – SDS. Ik had 's ochtends niemand horen zeuren, vloeken of gemene overtredingen zien maken, noch tegen de scheidsrechter zien lopen klieren. Leaders van beide teams bemoeiden zich wel met de tegenstanders, maar alleen om hen ook aan te moedigen of even te ondersteunen bij een blessure. Bovendien klaptten alle supporters voor elke goal, maakte niet uit voor welk team. Teleurstelling was er wel, maar zonder, door korte lontjes ingegeven gedragingen.

Wat een verschil met de wedstrijd in Deinum, waar de beste won, maar het gescheld, gevloek en getier niet van de lucht was. Ik zag daar ook weinig, échte spelvreugde, datgene waar ik in de ochtend juist zo door geroerd was geraakt.

Wil je weer eens echt genieten van voetbal waar de spelers niet als haantjes met de borst tegen elkaar aan staan? Waar niet op de scheids wordt gescholden en overtredingen eigenlijk alleen per ongeluk gemaakt worden? Kies dan op zaterdag voor een bezoek aan dit G (ezellige vriend(inn)en) team van de sc Bolsward. Je mag je verbazen over de voetballende kwaliteiten!

Tjerk van der Pol, Wommels

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

In kraammandsje bringe by Appie Posthumus

Op sneon 17 juny mei de Wommelser Feesten hearden wy dat SDS-supporter Appie Posthumus op 'e nij pake wurden is. Syn dochter Agnes en harren freon Jelmer Hofstee hawwe de freedts in lytse poppe krigen. Wy sille Appie ris efkes freegje hoe as it liket?



Op freed 16 juny hawwe Agnes en Jelmer lytse Redmer krigen. Hoe giet it mei Redmer en mem?
Ik moat sizze hiel goed.

Kin de grutte sus der ek wat mei wurde?

Yn it begjin moast Fardau wenne oan de nije situaasje, want de oandacht moast no ferdielid wurde. Foarhinne gie alle oandacht nei har. Mar sy is al aardich went oan de nije situaasje.

Liket Redmer wat op pake of hat hy mear fan Sjaak Swart?

Ha ha dat hoop ik net foar it jonkje, dan mar op Sjaak Swart, mar nee hjer hy liket gelokkich mear op ien fan de alders.

Hoefolste pakesizzer is dit no al foar dy?

De fjirde. En de fiifde komt der oan as alles goed giet, mar der geane wy fanüt.

Kinne wy Redmer fêst ynskriuwe by SDS?

Ja om my wol hjer it soe prachtig wêze as ik him nog in kear sjen kin by it fuotbaljen of miskien by in oare sport. En dat ik ek nochris my him in tredde helft belibje kin ha ha.

Of sil hy by VV Oosterlittens fuotbalje?

Ja dat soe seker kinne fansels en dan gean ik fêst by him sjen hjer.

Do hast it der mar drok mei. De folgende pakesizzer komt der al wer oan en Arjan (âld-SDS'er) sil troue?

Ja it kin net moaier want Jelmer en Sietske krije as alles goed giet mits july in famke. En Arjan stapt op 9 septembar yn it houliksboatsje en it wurdt fêst in grut feest.

Mar noflik genietsje fan lytse Redmer!

Wy sjogge dy nei de simmerstop wol by SDS oan de line mei de pakesizzers!

(WW)

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:

Tymen Stenekes



Namme	Tymen Stenekes
Berne	06-05-2012
Yn Wommels, Easterein as....	Yn Wommels
Skoalle	De Opslach
By SDS sûnt	2017
Team	JO 11
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Manchester City
Beste trainer	Myn heit
Beste fuotballer yn Nederlân	Xavi Simons
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Haaland
Favorite fuotballer SDS	Hendrik de Jong
Beste keeper	Courtois
Favorite posysje	Rechts achter
Sterkste punt	De beuk der yn
Swakste punt	Scoren
Moaiste stadion	Johan Crujff Arena

Idoal	Sergio Ramos
Hichtepunt	Kampioen 2022
Djiptepunt	Penalty gemist...
Moaiste goal	Moat noch komme
Skoudertriuw as tackel?	Tackel
Boas om	Bij gemeen spel
Flinters yn de búk fan	Gjin flinters
Tillevysje	Netflix
Muzyk	Hardstyle
Lekkerste iten	Broodje hamburger speciaal
Minst lekkere iten	Witlof
Bakje patat of broadsje sún?	Bakje patat
Drinken	Water
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Buten boartsje
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Noch gjin idee
Kampioen Earedivyzyje 2023/2024	PSV
Cambuur of SC Heerenveen?	Heerenveen
Moaiste sjurt	AJAX
Lelijkste sjurt	Cambuur
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Wol ik yn it earste spylje

In fruitmandsje bringe by Jentsje Jorritsma

Op de alderlêste spyldei gie it mis foar Jentsje Jorritsma. 5 minuten foar tiid tsjin Workum. Wat barde der?

Wêr hast lêst fan?

Ik haw in skuorke oprûn yn myn spaakbeen by it polsgewricht.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik soe op goal sjitte en krige op dat stuit in bodycheck en foel efteroer op myn pols.

Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ik hie wol direkt flink pine, mar tocht dat dat wol wer snel oer gean soe.

Hoe no fierder?

4 wiken haw ik de earm yn it gips hân, dus dat is der no wer ôf. No moat ik noch 2 wiken rêstich oan dwaan.

Giest ek nei de fysio?

Dy sjoch ik elke dei. Myn freondinne is fysio.

Ferwachtesto nei de simmer wol wer op it fuotbalfjild te stean?

Jaseker! Ik moat no wat oefeningen dwaan om alle spieren wer los te krijen. Dernei kin ik alles wer dwaan.

Al mei al noch wol in moai kampioensfeesie hân?

Jaseker, gelukkig wie dat al yn de pocket. En ek it slotfeessie fan SDS 5 by Harm yn de tún wie tige slagge.

Jentsje, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy nei de simmer gau wer op it fuotbalfjild te sjen!

(WW)



It ljocht op nije sponsers

Wy binne wiis mei ús nije stipers fan Syperda Verhuur. Sy binne stiper wurden yn gearwurking mei Flinq-Uitzendbureau.



Yn it kommende seizoen sille jim wolris ien fan Flinq yn de kantine sjen dy lju enthousiast meitsje wol om by Syperda te wurkjen. As klup kinne wy hjir dan in bonus foar krije:

Info en voorwaarden aanbrengbonus:

- Breng jij een nieuwe medewerker aan voor Syperda Verhuur? Dan ontvangt jouw club een bonus van € 500,- (uitbetaling na 450 gewerkte uren).
- Voor een kandidaat die aan het werk gaat via Flinq Uitzendbureau ontvangt jouw club een bonus van € 250,- (uitbetaling na 500 gewerkte uren).

Mail **gegevens kandidaat** en naam van jouw **sportclub** naar: recruiter@sijperdaverhuur.nl

www.werkenbijijsiperda.nl

www.flinqwerkt.nl

Je kan aan de slag!

Bist nijsgjirrich sjoch dan gau op ien fan de websides. Miskien kinst dan fant simmer noch wol oan de slach!

SDS -Look-a-likes(37)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl
Dizze kear mei tank oan Habtamu de Hoop, Jidou de Boer en Anna-Hilda Faber.

Erling Haaland as freondinne fan Pieter Sijsma(SDS1), Nynke Hoekstra



Bob de Bouwer as Gerwin Sijbesma (SDS 1):



Inne Heerma as Maik de Boer:



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wererom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

VanOns

Ut de âlde doaze

Dat wiene nochris tiden. It publyk dat hast yn it doel lei. It stek stie der wol, mar dat wie just bedoeld om der tsjinoan te stean of der foar te lizzen. In foto út it argyf fan Pyt de Jong, wêrbij SDS 1 yn de blauwe sjurts spilet. Wierskynlik it seizoen 1972-1973 at SDS 1 kampioen wurdt fan de 4de klasse A.



It wie in wikseljende striid mei DWP 1 dy't úteinlik beslist wurde soe nei in beslissingswedstriid omdat beide ploegen gelyk einigen.

Sc Joure wurdt tredde en tsjin dy ploech spile SDS 1 thús op 14 oktober 1972 1-1.

De útwedstriid wurdt wûn mei 0-2 troch twa doelpunten fan Siepje Visser

SDS—Joure 1—1: In een gelijkopgaande wedstrijd duurde het twintig minuten voor dat Joure het in die fase verkregen overwicht in een doelpunt uit kon drukken. Sietse Tiezema schoot van afstand raak. Vlak daarna doelpuntte SDS, evenwel deze treffer werd niet toegekend. De ingeschoten bal kwam, nadat deze over de doellijn tegen de ijzeren stang was beland terug. De Joure-doelman kon toen gewoon het leer pakken en de bal weer in het spel brengen. Na rust was SDS sterker maar kon pas in de laatste fase door middel van 'n strafschop van Fedde Ypma op gelijke voet komen.

Stand:			
SDS	22—34	AVC	22—21
DWP	22—34	VVI	22—18
Joure	22—30	Balk	22—17
Makkum	22—27	CVO	22—17
Wolvega	22—25	Sleat	22—12
RWF	22—22	Gorredijk	22— 7

Doelpunten

De fjouwer seniorenalvetallen fan SDS hawwe 92 wedstriden spile en 195 kear skoard (soms mei help fan de tsjinstanner). SDS 3 dat healwei de kompetysje stoppe is, skoarde ek noch 10 kear

team	SDS 1	SDS 2	SDS 4	SDS 5	
doelpunten	39	45	41	70	195
wedstriden	26	26	20	20	92
gemiddeld	1,50	1,73	2,05	3,50	2,12

Fan dy totaal 205 doelpunten binne de measte doelpunten skoard troch SDS 5. Sij wurde dan ek kampioen en de topskoarder fan dit seizoen komt dan ek út dat alvetal. Dirk Yde Sjaarda, Arjen Los en Robert Sijbesma helje de dûbele sifers dit seizoen.

Topskoarders per team

	team	oantal
Stan Korbach	SDS 1	9
Arjen Los	SDS 2	10
Jelmer Posthumus	SDS 3	6
Wiltsje Aardema	SDS 4	6
Dirk Yde Sjaarda	SDS 5	20

Wij sjogge ek noch efkes 10 jier werom. Yn 2012-2013 sjocht de list der sa út. Dirk Yde Sjaarda en Peter Sijbesma fine wij no ek werom yn de top 6:

Jappie	Wijnia	SDS 5	17
Peter	Sijbesma	SDS 5	13
Ayanle	Barakat	SDS V enVI	13
Dirk Yde	Sjaarda	SDS 1	13
Jelle	De Jong	SDS 4	12
Harm Auke	Dijkstra	SDS 5	12

Doelpuntenmakers senioaren kompetysje 2022-2023

	1	2	3	4	5	Totaal
Dirk Yde Sjaarda				1	19	20
Arjen Los		10				10
Robert Sijbesma					10	10
Stan Korbach	9					9
Jelmer Posthumus	1	2	6			9
Lourens van der Pol	8					8
Jurjen Los		8				8
Mark Postma			2		6	8
Peter Sijbesma					8	8
Feite de Haan					7	7
Tjipke Okkema			1		5	6
Wiltse Aardema				6		6
Matthijs Postma	5					5
Tim Sweering		4		1		5
Steven van der Pol		4				4
Anne Stenekes		3	1			4
Aiso Agricola				4		4
Ate Schaap				4		4
Kees Sandstra				4		4
Sjoerd de Boer					4	4

Neist dizze 20 doelpuntenmakers binne der noch 6 spilers dy't trije kear skoard hawwe, 10 dy't ien 2 kear it net fûnen en 20 dy't ien kear skoarden. Jim kinne dat op de wepside weromfine. It is wol spitich dat doelpunten soms net trochjûn wurde....

Dit moat folgend seizoen oars. Dus by SDS 1, 2, 3 en 4 moat der efkes ien oanwezen wurde dy't elke wike de doelpuntenmakers trochjout oan Aant fia aant@vv-sds.nl of fia **Whatsapp**.

Robin van der Weg krijt noch in (ûn)earfolle fermelding. Hij skoarde 2 kear, mar passearde 5 kear syn eigen doelman. Dat wurdt dan 'min 3'.

Aginda

Wannear?	Wat ?
8-july	Publikaasje kompetysje-yndielingen A-kategory
28-july	Publikaasje bekeryndielingen A-kategory
10-aug.	SDS bestiet 76 jier!
11-aug	Publikaasje bekeryndielingen senioaren +kompetysje jeugd
12-aug	Publikaasje wedstriidprogramma's jeugd
12-aug	Publikaasje bekerprogramma senioaren
18-aug	Publikaasje kompetysje-yndielingen senioaren
19-aug	Publikaasje wedstriidprogramma senioaren
2-sep.	Bekerwedstriid 1
9-sep.	Bekerwedstriid 2
13-sep.	Start sealkompetysje
16-sep.	Bekerwedstriid 3
23-sep.	Earste kompetysjewedstriden

De Trefferredaksje winsket jim allegear in hiele noflike simmer!





drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevolgen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN